



Master
Frankeskoalle
Gearwurkingskoalle

nijsbledsje

jiergong 7 nr 6

Wel en wee:

Juf Nel hat har revalidaasje achter de rêch en sil de kommende tiid wurkje oan har kondysje. Fanôf 1 maaie sil se dan wer besykje om op arbeids terapeutyske basis te re-integreren. Earst foar 1 dei yn de wike en wy hoopje dat se it dan opbouwe kin nei 3 dagen.

It sjit al op mei de swangerskip fan juf Grietje. We sjogge dat oan de groei fan har búk. It duorret net mear sa lang dan giet se mei ferlof. As alles fierder goed giet, dan sil 12 maaie har lêste wurkdei wêze. Juf Nynke is lokkich wer op skoalle. Wy hoopje dat de famylje binnenkoart dúdlikheid kriget oer de mooglike behandeling fan Nynke har mem. Se is no noch yn it sikehûs om oan te sterkjen.

Wolkom/ Welkom/Welcome:

Op 28 febrewaris wie it Suze de Vries har 4 de jierdei. Fanôf dy dei draait Suze mei yn de ûnderbou. Germ Hoekstra en Skye Jullens (fan Burgum) binne al oan it proefdraaien want sy wurde begjin april beide fjouwer jier. We hoopje dat jimme it o sa nei it sin hawwe sille op de Master Frankeskoalle.



Efkes werom sjen:

Foarrige wike hie it team in kursus oer it jaan en krijen fan feedback. Troch de noflike sfear yn it team is it jaan en krijen fan feedback best wol dreech. Hoe beneam je de dingen dy't oandacht freegje sûnder dat de sfear as de relaasje dêrfan te lijen hat? En hoe kinne we as team groeie troch it jaan fan passende feedback? Wy hawwe in goede middei hân en de kommende wiken krije we opjeften oer de mail fan saken dy't we oppakke moatte om te oefenen yn it jaan en ûntfangen fan feedback.

Om't de âlderrie op dizze studzjemiddei de "himmelmiddei" organisearre hat, hoegden we de bern net earder nei hûs te stjoeren mar hiene de bern in prachtige himmelmiddei ûnder lieding fan âlders en âlderriedsleden. In geweldich yntityatyf fan de âlderried. Wy hoopje mei dizze aksje ek noch yn oanmerking te kommen foar subsydze fan de gemeente. **Tige, tige tank âlderrie en help âlders en help pake!**

Alle bern hawwe de ôfrûne wiken 2 tennislessen hân. Us oanbean troch de tennisferiening út Aldegea. Hjiroan taheakke de folder wêryn't noch twa proeflessen (bûten skoaltiid) oanbean wurde. Dêryn ek it mailadres wêr't jimme de bern oanmelde kinne.

Foarút sjen:

Mei it moaie waar fan dizze wike brûke wy de picknicktafels wer folle mear. Foarrich jier is ien fan de picknicktafels dy't stikken wie wer wat oplape, mar we hiene al in nije kocht fan it kadojild by de iepening fan de ferbouwing. Dy stiet noch as "boupakket" yn it hokje. Wa soe dy ien dizzer dagen foar ús ynelkoar sette wolle? As it ûnder skoaltiid kin, dan binne der fêst ek wol in pear bern dy't assistearje wolle. In mailsje (info@frankeskoalle.nl) as tillefoantsje 539509 is foldwaande om in ôfspraak te meitsjen.

Op snein 9 april noegje de tsjerken fan Earnewâld de bern fan de Master Frankeskoalle út om mei harren palmpeaske te fieren troch it fersieren fan palmpeaskestokken. Sjoch bygeande útnoeging. De âlders kinne de bern hjirfoar opjaan by t_devries@hotmail.com



Op **18-19-20 april** meitsje de bern fan **groep 8 de CITO eindtoets**. De bern sitte apart yn it keammerke fan de Intern Begeliedster ûnder lieding fan ien fan de learkrêften.

Dizze dagen meitsje de bern fan **groep 7 de CITO entree toets** ûnder lieding fan juf Yttje en juf Nynke yn harren eigen lokaal. De bern fan groep 6 wurde dizze moartiden ferdielt oer de ûnder- en middenbou en wurkje dêr oan harren taken.

Tinke jimme der as âlders om dat de bern goed útrêst oan de toets begjinne kinne? De bern meije in fleske mei wetter meinimme.

Keningsdei fiere we op **21 april**. Master Jurjen hat spultsjes foar de midden- en boppebou. De learkrêften fan de ûnderbou fersoargje spultsjes foar eigen bern. Wol binne dy deis âlders/begelieders nedich. Jimme krije berjocht fia “klasbord”.

Reiskes en Kamp:

Dit jier hawwe wy as team besletten om net trije mar twa dagen mei de boppebou op kamp te gean. Dat hat te krijen mei de belesting fan learkrêften mei in jong gesin. Sa as it no stiet sil it wêze op tongersdei en freed 11+12 maaie. De âlders dy't it oangiet krije berjocht fan de learkrêften oer it hoe en wat.

Groep 4-5 giet dit jier mei juf Reina nei Spijkerdorp yn Drachten

Groep 1-2-3 giet op 2 maaie mei de juffen nei de bernebuorkerij yn Drachten.



Voor de agenda:

14 april: Goede vrijdag vrijdag

17 april: paasmaandag vrij

21 april: Koningsdag. We vieren dit sportief in en rond de school. De kinderen krijgen een lunch aangeboden op school.

24 t/m 28 april Vakantie

2 mei: schoolreisje groep 1-2-3

4 mei: De bern fan de boppebou wurkje mei oan de deadebetinking

5 mei: Bevrijdingsdag vrij

11+12 mei: kamp groep 6-7-8

15 mei: Voorjaars natuur wandeling

22 t/m 26 mei: Vakantie

Fragen? Efkes lânskomme as skilje kin altyd!

Met vriendelijke groeten / mei freonlike groetnissen,
Anke Haanstra (dir.)



Eilânsgrien 17
9264 TB Earnewâld
Tel.: 0511 – 539509
info@frankeskoalle.nl

